



DOARPSNIJS

Nûmer 348

jannewaris 2012

KOLOFON

“Doarpsnijs” is in útjefte fan de Feriening foar Doarpsbelang Nijemardum en ferskynt op elke lêste tongersdei fan de moanne.

It earste krantsje kaam út yn april 1982.

Kopij foar “Doarpsnijs” kin oant in wike foar de fersking ynlevere wurde, dus oant de op **ien nei lêste tongersdei** fan ‘e moanne. Op dy dei is der in redaksjegearkomste en wurdt it krantsje gearstald.

De redaksje:

Jantsje Bosma	Lyklamawei 26	571550
Wiepkje Holtrop	Lyklamawei 49	571310
Marre van Steinoorn	Lyklamawei 83	571276
Arnold Rozema	Hoitebuorren 22	571896

E-mailadres: knilles.jantsje@gmail.com

Website: www.nijemardum.nl



It bestjoer fan Doarpsbelang:

Emile de Kleine (voorz.)	Lyklamawei 41	571441
Bauke Beukens (secr.)	Hege Bouwen 2a	06-24140972
Gerrie van der Veen (penningmeester, bankrek. 3052.44.159)	Omrin 10	572019
Sjoukje Kramer	Wissebuurt 12	571785
Yme Wiersma	Omrin 1	571557
Joop de Vries	Lyklamawei 15	571956
Piet Rienstra	Omrin 2	571866

E-mailadres buurtplysje: tjeerd.hofstra@friesland.politie

FERHUZE

Walte en Willeke Veldman fan Heaburgen 32 binne nei Wikel ferhuze.

DOPPEN

Bêste Doarpsgenoaten,
Geweldich is 't, sa't jim oan it doppen sparjen west ha. We ha no al fanút Nijemardum, sa'n dik 60 kilo. Geweldich betanke allegear!
Fan út Poalen is it berjocht kommen, dat de rolstoel der hast is!
Dat is prachtich nijs. Dus dat doel ha we meielkoar berikt. Ik wol jimme nammens de kontaktpersoan, hertlik tanksizze foar jim grutte ynset en meilibjen.

Wat sille we dwaan?
Ophâlde of trochgean? Want dat kin!
Ik hoopje dat jim der noch like folle nocht oan ha en trochsparje wolle, en dan no foar in blinegeleidehûn.
Dizze aksje is der ek al langer (miskien ek wol by jimme bekend) dus wat my betref: sparje mar troch.
Mar we moatte al wat sinniger te wurk gean, om't se net alle soarten fan doppen brûke kinne. Allinne doppen fan flessen en pakken drinken binne hjirby fan wearde.
(Op internet: doppenactie yntoetse en jim ha alle ynformaasje.)



Dogge jim wer mei?
Bring se mar wer gewoan by my, dan sil ik se sa no en dan nei it sammelpunt yn Sint Jânsgea bringe.

Freonlike groetnis, Sietske Strampel-Smink

BEDANKT

Alle ynwenners fan Sondel, Aldemardum en Nijemardum dy't âldjiersdei oaljekoeken kocht ha, tige tank! Wy kinne **€ 738,-** oermeitsje op rekkening fan berne-opfangtehûs Alemachen yn Ethiopië. Op www.alemachen.org kinne jim mear te witten komme oer dizze organisaasje. Juf Willy Sjaarda fan 'e Stapstien hat hjir kunde en fan har hearden wy dat it jild seker goed teplak komt.

It bakken gie wer super. Wy wurken foar it earst mei in nije bak wêr't wol 50 oaljekoeken tagelyk yn koene.

Dat wie oanpoatsjen en switten. It termo-ûnderguod koe al gau út en wy hienen it stoofke ek net nedich foar de fuotten.

It beslach meitsjen gie ek as it slydjage. Nico Melchers hie de slach al gau te pakken en makke de iene amer nei de oare mei help fan de boarmasine.

Hy waard bijstien troch Freark dy't foarich jier al ynwurke wie troch de opperbeslachmakster, Grietje Pietersma-van Dijk, en it wurk al aardich ûnder de knibbel hie.

Wy ha wer mei nocht oan 't bakken en ferkeapjen west en wy hoopje dat jim ek yn desimber 2012 wer fan 'e partij binne om ús fan 'e oaljekoeken ôf te helpen.

Nico, Freark, Wieger, Wiepkje en Coby



ALD EN NIJ

It waar hie it mar goed mei ús foar op nijjiersmoarn betiid! Wat in belangstelling by de Toer om elkoar folle lok en seine foar it nije jier ta te winsken en dêr ek efkes wat by te drinken.

Jong en âld kaam der op ôf. Dernei wie it yn it doarpshûs noch tot let gesellich. De dei wie foar in oantal ek al bysûnder en begûn troch op feskate plakken mei carbid te sjitten en dêr in sosjaal gebeuren fan te meitsjen. In protte minsken fûnen it wol nijsgjirrich en kamen efkes te sjen yn it skelpe paadsje. Oaren hawwe yn de hûs miskien de radio wat lûder setten om it geknal net te hearen. Moai dat it allegearre goed en feilich ferrûn is, ek nei 1 januari. Keurig dat elts safolle mooglik it ôffal wer opromme hat. Dan kin der in protte.

Op 30 desimber skrokken wy wol dat it bushokje oan de Lyklamawei foar in part fernield is. De dieders binnen noch net fûn. Op it lêste nei, wie it in noflik âld en nij foar Nijemardum. Alle ynwenners en besikers tige tank en dit hâlde wy der mar yn!

Bestjoer doarpsbelang

UITNODIGING LEDENVERGADERING DORPSBELANG

Graag nodigen wij u uit tot het bijwonen van de algemene ledenvergadering op **woensdag 1 februari 2012 om 19.30 uur** in het dorps huis te Nijemardum.

AGENDA

1. Opening
2. Mededelingen
3. Notulen ledenvergadering 2 februari 2011 (zie doarpsnijs januari)
4. Jaarverslag 2011 (zie doarpsnijs januari)
5. Financieel verslag Dorpsbelang en Feestcommissie (zie doarpsnijs januari)
6. Verslag Feestcommissie en verslag Tuincommissie

7. Verslag Nevencommissie en verslag Werkgroep “Wenje Nijemardum”
8. Bestuursverkiezing;
aftredend: Emile de Kleine
verkiesbaar: Rienk Nadema
9. Rondvraag
10. Pauze
11. Mw. Slippens-Poiesz uit Sneek is jaren trouwambtenaar geweest. Zij komt ons een gezellige avond bezorgen, met als thema: Humor in de trouwzaal.
12. Sluiting

LET OP DE AANVANGSTIJD VAN 19.30 UUR!!!

Namens het bestuur van het Dorpsbelang, B. Beukens, secretaris

NOTULEN LEDENVERGADERING DORPSBELANG

Opening

Door afwezigheid van de voorzitter, Emile de Kleine bevindt zich op Tasmanië, opent vicevoorzitter Yme Wiersma de vergadering en heet iedereen van harte welkom. Hij noemt hierbij in het bijzonder de afgevaardigden van de diverse politieke partijen, onze wijkagent dhr. Hofstra, mw. Zijlstra van de Balkster Courant, dhr. de Boer van Landschapsbeheer. Ook noemt hij nog de reüniecommissie en de commissie van Doarpen in't Grien.

Met kennisgeving afwezig zijn de woningstichting en de VVD.

Verder meldt hij dat Nijemirdum momenteel 560 inwoners telt. Dit is 1 minder dan de vorige teldatum, i.t.t. veel andere dorpen mag dit nog geen krimp heten.

Verslagen Dorpsbelang

De **notulen van de ledenvergadering** van 2010 worden zonder op- of aanmerkingen goedgekeurd.

n.a.v. Het **jaarverslag** wordt er gevraagd hoe ver het gevorderd is met het doorvoeren van de 60 km zones op de Hege Bouwen en Nij Amerika.

Dit zal binnenkort weer worden besproken in het GVVP (gemeentelijk verkeer en vervoersplan) bij de gemeente. Eind maart 2011 zal dit plan klaar zijn.

Dit betekent echter nog niet dat het plan, waar een ruime meerderheid van de aanwonenden voor is, ook uitgevoerd zal worden.

Vanuit de zaal merkt Frans Gerritsma op dat het belangrijk is dat we ons als dorp laten horen om dit soort beslissingen voor ons een positieve wending te laten geven.

Verder zijn er geen vragen en wordt Bauke bedankt met applaus.

Gerrie licht vervolgens het **financiële verslag** toe.

Net als vorig jaar komt de vraag of niet de voorgaande jaargang erbij kan op het overzicht. Op die manier komen de verschillen voor iedereen duidelijk naar voren.

Gerrie meldt dat dit lastig is op papier te krijgen, maar zal het nogmaals bekijken.

Verder zijn er geen op- of aanmerkingen.

Roelie Veen en Johannes van der Goot hebben kascontrole gedaan en de gehele financiële administratie goedgekeurd.

Diverse commissies

Sander Mollema doet verslag van de **financiën van de feestcommissie**. Door het dorpsfeest van het afgelopen jaar hebben ze financieel een goed jaar gehad en een leuke buffer opgebouwd. Er zijn verder geen vragen over het financieel verslag.

Ook deze administratie is door de kascommissie goedgekeurd.

Gert Age Runia doet verslag over de activiteiten van de **feestcommissie** van het afgelopen jaar.

Het hoogtepunt was het dorpsfeest in september wat vanaf het reisje voor de ouderen t/m het pannenkoekenbakken met het hele dorp weer super geslaagd was.

Er wordt nog een commissielid van “de Toer” gezocht.

Het verslag van de **tuincommissie** wordt verzorgd door Rob Tax. Gezamenlijk hebben ze alle tuinen in het dorp bekeken en beoordeeld. De derde prijs is voor de fam. Dijkstra van de Hege Bouwen, de tweede prijs gaat naar de fam.

Brandenburg op Nij Amerika en de eerste prijs gaat dit jaar naar de fam. Stoker van Hoitebuorren.

Jeannet Bekedam neemt afscheid van de commissie en wordt bedankt met een leuke attentie. Dhr. Of mw . Stoker zal haar komen vervangen.

Stichting Wenje Nijemardum

Rob Tax doet verslag van de huidige stand van zaken.

De tijd voor het bezwaar maken van omwonenden is voorbij. Naar aanleiding hiervan is het bestemmingsplan nog op een paar punten licht aangepast.

Zo het nu lijkt zal de gemeente voor de zomervakantie het bestemmingsplan goedkeuren.

Als het meezit, kan dan begin 2012 begonnen worden met bouwen.

De eerste 6 maanden zal de grond alleen aangeboden kunnen worden aan mensen uit de omgeving.

Hierna zal iedereen grond kunnen kopen.

In totaal zullen er ongeveer 18 woningen komen die in 2 fases zullen worden aangeboden.

In de eerste fase zal ook de woningstichting 6 kavels voor zijn rekening nemen.

Nevencommssie

Frans Gerritsma van de commissie, ontstaan door de extreme aanwezigheid van steekmuggen (neven) in het dorp, vertelt ons dat i.s.m. Staatsbosbeheer een plan ontwikkeld is om natte stukken in het bos nog natter te maken waardoor er vijvers ontstaan waar leven in zit.

Er zal eerst echter uit onderzoek moeten blijken of dit inderdaad minder neven oplevert. Dan is het nog zo dat wanneer het plan uitgevoerd zal gaan worden dit heel veel geld kost wat ook ergens vandaan moet komen.

De plannen zullen dan nog alleen worden uitgevoerd wanneer het dorp er achter staat.

Doarpen yn't Grien

Jan Piet de Boer van Landschapsbeheer doet verslag van waar de commissie momenteel mee bezig is.

Het hoofddoel is om samen met de bewoners het woon- en leefgebied aantrekkelijker te maken met streekeigen groen. Dit kan door bepaalde stukken van het dorp eenzelfde beplanting te geven of, waar in het dorp veel animo voor

is, de mensen individueel te voorzien van beplanting van hun erf tegen 25% van de kostprijs.

Bij iedereen die zich hiervoor heeft aangemeld is iemand van Landschapsbeheer langs geweest om te bespreken wat er waar moet komen en welk groen hiervoor beschikbaar is.

Wat de uitvoering betreft zal er op 23 maart een feestelijke boomplantdag worden gehouden voor de schoolkinderen.

Er zullen dan bomen en struiken worden geplant op de plaats van het fietspad tegenover de Toer.

Vervolgens is er op 26 maart een feestelijke plantdag voor het gehele dorp met de uitgifte van alle bestelde bomen en struiken aan de particulieren.

Wijkagent

T. Hofstra doet verslag van het afgelopen jaar wat voor Nijemirdum weer rustig is verlopen.

Toch zijn er in het afgelopen kalenderjaar 10 aangiftes gedaan.

Hij vraagt extra alert te zijn op woninginbraken, hierin zit weer een duidelijk stijgende lijn.

Ook waarschuwt hij voor de boetes die allemaal per 1 januari weer fors omhoog zijn gegaan.

Bestuursverkiezing

Er is geen bestuursverkiezing dit jaar.

Rondvraag

Jan Beuckens:

Waarom gaat alleen het laatste stuk tegelpad eruit en niet alles in de bebouwde kom?

Dit is een kwestie van geld. Het andere gedeelte zal worden verwerkt in de plannen voor de dorpsvernieuwing over enkele jaren.

Fetje Eppinga:

Op diverse plaatsen in het dorp liggen de stoeptegels erg scheef en omhoog .

Dit punt staat hoog op de agenda voor de komende vergadering met de gemeente.

Kunnen er ook grastegels in de bermnen geplaatst worden op het eerste stuk van Heaburgen?

Hierdoor wordt de weg een stuk breder en zijn de gaten in de berm verdwenen.

Klaas Knobbe, die in de zaal zit, zegt toe namens de gemeente dit bij haar te komen bekijken.

Wie regelt het onderhoud van de banken?

Een gedeelte is gemeentelijk en de rest is van Staatsbosbeheer. De bank op Heaburgen is van het Dorpsbelang en zal in het voorjaar worden aangepakt.

Reünie

Na de pauze krijgt Piet Rienstra namens de reüniecommissie het woord.

Hij vertelt van de plannen om op 25 juni 2011 een grote reünie te houden voor het hele dorp en iedereen die een verleden in Nijemirdum heeft.

Verder zien we nog een film van 30 minuten die Gerlof Otter in elkaar heeft gezet van de laatste gehouden reünie.

Om 22.25 uur bedankt de voorzitter iedereen voor zijn of haar bijdrage en heet een ieder wel thuis.

Notulist: J. de Vries

JAARVERSLAG DORPSBELANG

Er zijn de laatste jaren nogal wat wisselingen geweest in de samenstelling van het dorpsbelangbestuur. Wij vonden het daarom nu ook wel eens mooi dat er voor 2011 geen wijzigingen doorgevoerd hoefden te worden.

Dus begonnen we na de ledenvergadering van 2 februari 2011 weer met “hetzelfde clubje”. Dit betekende ook dat ieder zijn eigen functie kon behouden. Het laatste jaar als voorzitter; ons “nestor” Emile. Secretaris van het bestuur is Bauke, en penningmeester van het bestuur is Gerrie.

Nog steeds zitten Yme Wiersma, Rob Tax en Frans Gerritsma in de stichting “Wenje yn Nijemardum”. Ook al ziet men nog geen nieuwe huizen, toch worden er wel degelijk stappen ondernomen om het nieuwe plan realiseerbaar te maken. Bij zulke projecten weet men dat dit jaren duurt voordat er werkelijk iets zichtbaars komt. Toch kunnen we concluderen dat er vooruitgang is maar wanneer de schep daadwerkelijk in de grond kan hangt nog van een aantal

procedures af. De stichting heeft hier al ontzettend veel voorbereidend werk aan besteed, en daarvoor zijn we de heren dan ook erg dankbaar!

Het Dorpsbelang bestuur is dit jaar weer 11 keer bij elkaar geweest en de belangrijkste punten die hier aan orde gekomen zijn, zijn o.a.:

Fietspad bij de Toer

Op zaterdag 12 februari was het dan zover, in weer en wind begonnen we 's morgens met het opruimen van de oude tegels uit het fietspad bij de Toer. Geweldig wat een opkomst! Ondanks de koude regen hebben we toch een paar gezellige uurtjes met zijn allen gehad, en dan zie je maar weer dat vele handen licht werk maken.

Nogmaals hartelijk dank voor jullie inzet.

Daarna zijn de graafwerkzaamheden al snel begonnen zodat de kinderen van "de Stapstien" tijdens de boomplantdag op 23 maart de nieuwe bomen konden planten. Al met al is het een prachtig geheel geworden en het effect is ook duidelijk zichtbaar. Doordat het optisch een smallere weg lijkt, rijden vrachtwagens en het grotere landbouwverkeer duidelijk minder snel door ons dorp.

Ballenvanger

De laatste jaren is het speelterrein aardig opgeknapt. Speeltoestellen welke niet meer goed in tact waren en niet meer aan de eisen voldeden zijn vervangen door nieuwe toestellen met rubberen valtegels.

Echter de ballenvanger achter het voetbaldoel was niet meer netjes en aan vervanging toe. Van de gemeente konden wij uit het budget "laaghangend fruit" een nieuwe ballenvanger aanschaffen welke vroeg in het voorjaar is geplaatst. De kinderen voetballen er veel en de nieuwe ballenvanger komt dus goed van pas.


Hekwerk bij de Toer

Elk jaar krijgen wij van de gemeente geld vanuit het "laaghangend fruit", dus een budget, dat wij mogen besteden in ons dorp.

Zo vonden wij dat er in de oude balstenen muur bij de Toer een zitbank gerealiseerd moest worden omdat hier vaak "voorbij" komende mensen op het muurtje zitten. Maar de kwaliteit van zowel de gemetselde- als de balstenen muur is slecht, en aan onderhoud toe.

Al pratende zijn wij tot de conclusie gekomen dat er een nieuwe hek moet komen. In overleg met de gemeente hebben wij besloten om hier weer (zoals het vroeger was) een siersmeed hekwerk te plaatsen.

Het wordt een poort met zijdelen van 6.70 m breed. De toegangspoort wordt 2.80 m breed met op beide kanten een zijdeel van 1.95 m van dezelfde hoogte (± 1.50 m). Vanuit de beide zijdelen komt een vast hekwerk van 6.50 m breed en 1.15 m hoog. Zo kan er op het groenplantsoen rechts voor de toren een bank geplaatst worden zodat men van het weids uitzicht kan genieten met op de achter grond de molen. Het kerkhof blijft alleen toegankelijk via de nieuwe toegangspoort. (Zie onderstaande schets)



Reünie

Op zaterdag 25 juni is er door de reüniecommissie een geweldige dag georganiseerd. Door alleen uitnodigingen te sturen via Social Media en mond tot mond reclame viel de opkomst mee en was het dorpshuis helemaal vol. Doordat er veel te doen was tijdens deze dag is het omgevlogen. Ook zeker weer voor herhaling vatbaar.

Jaarlijkse activiteiten

- 1 januari - gezellige bijeenkomst bij de Toer.
- 4 mei - vlaggen, nationale dodenherdenking bij de oorlogsgraven bij de Toer.
- 27 mei - avondvierdaagse, uitdelen van limonade
- 27 aug. - viswedstrijd bij de sânfeart
- 10 sept. - jaarlijkse monumentendag bij de Toer en de molen

Loop van de bevolking

Het dorp Nijemirdum telde bij het schrijven van dit jaarverslag (januari 2012) 555 inwoners, 5 minder dan vorig jaar. Vorig jaar rond deze tijd waren er 309 mannen en 251 vrouwen. Dit jaar zijn er 303 mannen en 252 vrouwen.

Wij hopen u met dit verslag een beeld te hebben gegeven van wat er het afgelopen jaar door ons is ondernomen en van enkele gebeurtenissen die zich in het dorp voordeden. Mocht er voor u iets niet duidelijk zijn dan horen we dit graag van u.

Namens het Dorpsbelang bestuur,

Bauke Beukens, secretaris

FUSIEGEMEENTE

De gemeenteraden van Lemsterland, Gaasterlân-Sleat en Skarsterlân gaan fuseren. Uit deze fusie zal een nieuwe gemeente ontstaan in het Zuidwesten van Fryslân, met ruim 50.000 inwoners en de kernen Lemmer, Balk en Joure als grootste plaatsen. Op deze site (<http://www.fusiedefriesemeren.nl/>) vindt u de laatste stand van zaken. Hier kunt u zich ook inschrijven op de nieuwsbrief en blijft op de hoogte van het laatste nieuws.

Dorpsbelang Nijemirdum

FINANCIËEL VERSLAG 2011 DORPSBELANG NIJEMIRDUM

BALANS PER 01-01-2011

Spaarrekening	€ 2.341,21	kapitaal	€ 2.419,79
Rekening-courant	€ 85,25		
Kas	€ 6,67- +		
Totaal	€ 2.419,79		€ 2.419,79 +

RESULTATEN REKENING 2011

INKOMSTEN

Contributie leden	€ 1.463,00
Sponsors Dorpskrantje	€ 920,00
Rente	€ 44,92
Subsidie gemeente vergaderkosten	€ 114,00
Subsidie gemeente oudejaarsnacht	€ 705,00
Fotoboeken	€ 10,00
W.A. feest commissie 50%	€ 56,31
Woningbouw vereniging ZWF	€ 50,85
Giften doarpsnijs	€ 40,00
Terugbetaald voorschot diversen	€ 1.022,76
	€ 3,84

UITGAVEN

Bloemen en cadeaus	€ 52,90
Dorpskrantje	€ 513,66
Vergaderkosten	€ 455,70
Ledenvergadering 4 februari	€ 181,10
Oudejaarsnacht	€ 635,84
W.A. verzekering	€ 112,63
Vis wedstrijd	€ 47,35
Administratie kosten	€ 7,90
Contributies	€ 44,00
Kosten bank	€ 17,60
Dorpsvisie	€ -
Tuincommissie	€ 55,85
Herdenking 4 mei	€ 53,00
Avond vierdaagse	€ 4,17
Vorschot Wenje Nijemardum	€ 314,14

Totaal	€ 4.430,68	voordelig saldo	€ 1.934,84
		Totaal	€ 4.430,68

BALANS PER 01-01-2012

Spaarrekening	€ 4.286,13	kapitaal	
Rekening-courant	€ 78,66		
Kas	€ 1,27- +		
Totaal	€ 4.363,52		€ 4.363,52 +

Fotoboeken; Voorraad 01 / 01 / 2009
37

Verkocht Voorraad 01 / 01 / 2010
2 35

penningmeester:

G. vd Veen-Feenstra

NOCH BY JUF

Hilde Jorritsma stiet al mei har mem yn 'e doar as ik it hiem op kom, sa te sjen hat se der sin oan. Hilde is 5 jier âld en wennet mei mem Rennie en heit Roelof op 'e Hege Bouwen 8. By harren wenje ek knyntsje Dottie en poes Bloem. Der rint in hoanne mei hinnen yn in hok en yn it lân rinne de skiep. De mem fan Hilde kin gerust even wat oars dwaan want Hilde fertelt mar raak.

Yn hokker groep sitsto?

Yn groep 2 by juf Willy.

Hoe fynst it op skoalle?

Leuk.

Wat fynst dan sa leuk?

Knutselje en yn 'e poppehoek boartsje, mar ik fyn alles heel leuk.

Dus do fynst hielendal neat fervelend?

Ik fyn 1 jonge net leuk mar net ien fynt him leuk want hy pleaget altyd.

Praatsto altyd Frysk?

Pake en beppe út Wâldsein prate Frysk en oma út Balk praat altyd Hollânsk mar as ik Frysk praat wit oma wol wat ik sis.

Wat wolst letter wurde?

Hynderrydster! Of ballet dûnseres. Ik ha wolris op in hynder sitten by Esri, myn alderbêste freondintsje en it hynder is in grutte pony.

Wat fynst moaie t.v.programma 's ?

7 en 3

Hokke programma 's komme dêr op dan?

De Freggels en Angelina Ballerina

En wat fynst leuk om te lezen?

Sprookjesboekjes , we helje altyd boekjes út de byb fan Balk.

Wat fynst hele leuke muzyk?

K-3 en yn de auto ha we altyd "Oud Hollandse Liedjes " oan en dy sjong ik dan mei.

Hoe is it om yn Nijemardum te wenjen?



Wol leuk. Ik sliep ek wolris by pake en beppe. Beppe hie in puzzel fan 1000 stikjes en dy soe ik mei beppe dwaan mar toen wie dy al hielendal klear want omke Foppe hie holpen. It wie wol in bytsje gek, want Sinterklaas stie der op . Hy tocht: “ Hilde kin hiel goed puzzelje” mar dat is net sa.

Wat fynsto in moai muzyk ynstrumint?

In piano fyn ik wol héél moai, we ha in i-Pad en dér kin ik op piano spylje (Hilde lit it my even sjen en hearre, ik fyn it prachtich.)

Dochst ek oan sport?

Ja, ik swem 2x yn ' e wike en op skoalle ha we gimmestyk. As ik myn diploma ' s A en B helle ha mei ik self wat útsykje om te dwaan, in sport of sjonge yn in koar of wat oars leuks.

Wer boartest it leafst mei .

Mei de Barby ' s en de Little Pony's , fan Playmobile ha ik 2 dieren klinykjes . Ik boartsje ek graach bûten.

Wat fynst it lekkerste iten?

Patat, pannekoeken en spaghetti en boerekoal.

Helpst heit en mem wolris? Wat dochst dan?

Mei mem skjinmeitsjen , de tafel en de stuollen en de kast en sa. Foar heit stapelje ik de houtsjes foar de kachel op en hingje ik de baltsjes foar de fûgels op. De auto fan heit meitsje ik ek skjin en de kamper!

Wat is hiel leuk om te dwaan?

Tekenje. En knutselje mei de bern dy't op myn feestje komme.

Do sitst noch net op in klup wol Hilde?

Nee mar mei heit en mem knutselje ik wol es , ik ha ek wol es in hele moaie boekelizzer makke en op myn jierdei gean ik hele moaie dingen knutseljen mei de bern dy't op myn feestje komme!

Kin it dy wat skele hokker klean ast oan hast?

Nee.

Hast wolris op fakânsje west?

Jawol, in kear nei Switserlân en in kear nei Eastenryk en in kear nei Noorwegen en in kear nei Texel (*Dêr hoecht se net lang oer nei te tinken, it komt der yn ien adem út*).

Yn Eastenryk wiene we yn in restaurant, der sieten 2 poppen, dat wiene Sissy en Fransz Jozef, ik gie by hun sitten en doe bin ik der mei op de foto kaam.

Mei de kamper ha we ek in pear nachtsjes fuort west , doe gienen we nei de Efteling.

(Dan lit hja my in knuffel sjen en moat ik riede wat foar bist sa it is. Koe'k net fansels!!!) It is in bergmarmot en dy ha ik yn it echt sjoen!

Ast no 2 winsken dwaan mochst wat soest dan winskje?

As ik yn in kasteel wenje koe en as ik dan in prinses wêze soe!



No Hilde Tara (Tara is har prachtige twadde namme), dit wie de lêste fraach al wer, it wie hiel fijn om dit ynterview mei dy te meitsjen. Rennie, bedankt foar de kofje en de gesellichheid!

Marre van Steinvorn

GRANDCAFÉ

Ja minsken, foar de twadde kear wolle wij wer in leuke middei organisearje.

Fanôf 16.30 oere draait der in leuke film foar de jeugd fan 4-12 jier yn de achterste seal fan it doarpshûs.

Yn de bar draait de film fan Nijemardum út it jier 1969, dêr kin de âldere jeugd ûnder it genot fan in bakje kofje gesellich mei elkoar fan genietsje.

Yn it folgende krantsje hjiroer mear,mar set it fêst yn de aginda.

Sneon 10 maart, hâld him frij!

Gang fan Nijemardum

WA BIN IK?

De earste de beste beller hie it goed. O, dit is dus in makky, tocht ik, mar dat wie net sa, want it bleau by dit iene goede antwurd. It kaam fan Dirk Jan de Kleine,

hy belle en sei: Neffens Annie is dit
Teatske Veen. En dat wie dus hielendal
goed.

(Oaren tochten dat it Foekje de Jong wie,
of Annelies Rienstra, of Willy Hielkema.)

Dat Douwe, do kinst de sûkerbôle nei de
âld pastorij bringe.

De foarige kear ha wy, de redaksjeleden,
derfan smuld, dus Dirk Jan en Annie:
Lekker ite mei... Douwe!



No komt der wer in lyts mantsje.



Wa bin ik?

Belje mar wer gau nei 571310!

Wiepkje

LEDEGEARKOMSTE LOKAALFERIENING

Útnoeging foar it bywenjen fan de jierlikse ledegearkomste fan de lokaalferiening op woansdei 29 febrewaris 2012.

AGINDA:

1. Iepening
2. Notulen gearkomste 22 febrewaris 2011
3. Ynkommen stikken en meidielingen
4. Jierferslach sekretaris
5. Skoft
6. Finansjeel ferslach ponghâlder
7. Fêststellen jierlikse kontribúsje
8. Bestjoersferkiezing
Oftredend en net werkiesber: Henk Bokma
It bestjoer stelt foar as kandidaat: Wouter Rozema
9. Rûnfraach
10. Sluting

Út namme fan it bestjoer, Wiepkje Holtrop

IT HIMD FAN 'T GAT

Dizze kear sit ik mei **Frâns Gerritsma** oan de keukentafel.

Doe't ik him belle foar in ôfspraak, sei er: Ik kin de antwurden op de fragen ek wol opskriuwe en by dij bringe?

Nee sa werkt it net hjer!

De folgjende jûns belle ik bij him oan, se ha sa`n âlderwetske lûkbelle, en wylst ik der oan loek gebeurde der yn de gang fan alles.

"Ferjamme wat sille we hjir beleve..." , dêr kaam Frâns bij de doar. Wat wie der no bard?

Achter de doar styng de flagestok - mei Fryske flage der oan fansels. Dy stok stiet der al 25 jier, sei Frâns, en hy is noch noait omfallen.

Ik moat dus wol hiel hurd oan dy belle lûkt ha....afijn ik bin binnnen....

Frans [61] is berne yn Boalsert, troud mei Tiete Bangma en se ha trije bern.

De beide dochters Grytsje en Suze wenje yn Akkrum, Grytsje wurket bij de ggz en hat twa bern en Suze hat in eigen skildersbedriuw: SaSús. No werklik, dy kin fan niks wat prachtichs meitsje, sjoch mar ris op har webside.

Sytse, de jongste, wennet mei Tiertsje op de buorkerij yn Ealahuzen.

Frans en Tiete wenje op Heaburgen 26; yn en om hûs rint in kat en bûten stappe wat hinnen en in geit om en Willy de buorfrou har pony rint bij harren yn it lân.

Wat foar oplieding hast dien?

Earst de Mulo, doe de middelbare lânbuskoalle, dernei ha ik yn Utrecht in oplieding dien foar embriotransporteur.

Wat dochst foar wurk?

Fan myn wurk bin ik embriotransporteur, ik hâld my dus dwaande mei it befruchtsjen fan kij. Fierder help ik boeren dy't swierrichheden ha om harren fee wer drachtich te krijen.

Hast ek noch oar wurk dien?

Froeger ha ik bij in boer oan it wurk west yn Kanada en ik ha 3 jier les jûn op de praktykskoalle yn Oentsjerk.



Wat woest as bern graach wurde?

Boer of skipper. *(No dêr is hij moai tuskentroch fard)*

Wat fynst it moaist om te dwaan?

In hiel soad. Myn wurk fyn ik moai, dertroch sit ik in hiel soad op de dyk, dus dan as ik frij bin, kom ik leaver net yn de auto. Okee, in lyts eintsje dan nei Ealahuzen, ik mei graach bij Sytse op de pleats omskarrelje..

Wer meie se dij midden yn de nacht foar wekker meitsje?

Eigenlik nergens foar, behalve as der ien yn need sit.

Wat fynst in grutte ergernis? Ik kin mij net oan in hiel soad dingen ergerje, mar ik kin beslist net oer minsken dy't allinnich foar it jild gean. Der wurdt yn de natuer safolle fernield om it jild, der kin ik min oer.

Derom bin ik ek yn de polityk gien. *(Frâns sit foar de FNP yn 'e rie.)*

Wat fynst in hiel moai boek?

Boeken fan Frank Westerman; ik bin net sa'n grutte lêzer (tiidgebrek) mar dit binne boeken oer skiednis fan dingen, dat fyn ik interessant.

Wat tv programma of film fynst moai?

Klassike films fan froeger sa as de Dear Hunter en Rosemary's Baby. Ek mei ik graach nei praatprogramma's sjen, ik bin in grutte vpro fan.

Wat foar muzyk meist graach hearre?

Fan alles wol salang it mar net fan dat Nederlânsktalich geblêr is.

Wat wie dyn grutste miskeap?

Frâns laket. Ik bin wol wat sunich, dus ik tink lang oer dingen nei as ik wat keapje wol. *(Hy hat dan ek noch noait wat kocht wer hij letter spyt fan hie.)*

Wat wie dyn moaiste jierdei?

Ik fier myn jierdei noait.

Wat is dyn favorite fakânsjeplak?

Wer't in hiel soad natuer is, sa as yn Noarwegen, Ierlân en Kanada.

Wat is it fierste plak op 'e wrâld derst west hast?

Australie, bij myn famylje.

Hok gebou meie se om dij drekt ôfbrekke?

Yn Ealahuzen ha se in pear jier lyn in nijbouwplan krigen, freeslik fyn ik dat, it passet der hielendal net.

Wat fynst it moaiste plakje?



It tsjerkje yn Ealahuzen, dat stiet der wol sa moai.

Soe it Frysk oer 100 jier noch wol bestean?

Seker wol! Gjin twifel mooglik, alhoewol dat ik mij wol ergerje kin oan minsken dy't de wurkwurden omdraaie. Dan sizze se: Jo meie wol gean sitten, yn pleats fan: Jo meie wol sitten gean.

Wat fynst in moai Frysk wurd?

Njonkenlytsen. Ach, en der binne noch safolle moaie mar dit fyn ik wol de moaiste.

Wer soest net sûnder kinne of wolle?

Sûnder de romte om mij hinne; as ik bij mij achter hûs stean en sjoch sa oer it fjild, prachtich fyn ik dat.

Ik mei ek graach bij see omskarrelje.

Sparrest ek wat?

Niks, ik hechtsje gjin waarde oan materiële saken.

En wat fynst fan himmeljen?

Ûnsin, echt dat mien ik.

Wat soest net misse kinne yn dyn wenkeamer?

Hij laket wer... Alles wat der stiet kin ik wol misse, ja echt as ik moarn no wekker wurde soe en de wenkeamer soe leech wêze, dan soe ik allinne tinke fan: no ja der moat wer wat oars yn...

Mist de winkels yn Nijemardum?

Nee net echt, we binne der no alwer sa oan wend, fansels is it wol jammer foar de levendigheid yn in doarp.

Mist oars ek wat yn Nijemardum?

Nee ik bin net sa'n eveneminteminsk, ik mei hjir hartstikke graach wenje mar bemoei mij net safolle mei de dingen dy't der organiseard wurde.

Ik ha jierren yn it doarpsbelang sitten, dat fûn ik moai, om dêr dingen foar te dwaan. Krekt as it nije bouplan, dêr sit ik ek fol fan, om dingen út te sykjen en oan te freegjen bij de gemeente, dat is wol myn ding. *(Dus yn de gemeenterie sit hij ek wol te plak)*

Wer bist bang foar?

Wat mysels oangiet, ik bin net sa bangich oanlein foar wat der op my ôfkomt! Wer't ik wol bang foar bin is, mar dat is mear op it flak fan de mienskip, dat we mei syn allen al mar mear kieze foar welstân (jild) ynstee fan wolwêzen.



Wat kin neffens dij net?

Bij mij kin in hiel soad, mar ik ha wol in hekel oan minsken dy de boel besoademiterje om der sels better fan te wurden. En ja sizze en nee dwaan kin ik ek min oer.

Wer tinkst mei plezier oan wer werom?

In pear jier lyn ha ik foar myn wurk nei Tanzania west, ha der 4 wiken oan it wurk west bij boeren dy't swierrichheden hiene mei it drachtich meitsjen fan harren kij.

No, watst dêr dan allegear mei makkest en mei dyn eigen eagen sjochst... *(hij fertelt en fertelt...)* en dan komst hjir wer werom yn Nederlân; 50% kampt hjir mei oergewicht... Wat binne de ferskillen grut yn in pear oeren fleanen...

It soe foar in hiel soad misken goed wêze om dat ek ris te ûnderfinen en te sjen hoe it der dêr om en ta giet. Yn al harren

earmoede binne se der gelokkich en blij, wy soene der fan leare kinne..

Wer soest noch ris graach hinne wolle?

Ik woe wol wer nei Tanzania, en nei it noarden fan Noarwegen liket mij ek noch wol ris moai.

Wat foar iten makkest graach klear?

Nasi. Ja ik mei wol graach iten klearmeitsje, as Tiete net thús is dan rêd ik mij wol. Mar as se wol thus is dan docht sy it.

Wat fynst de moaiste tiid fan it jier?

De maitiid en de hjerst.

Woest fierder noch wat kwyt? Nee ik leau it net... No ja, eh, ik woe dat de misken soms wat mear each hiene foar wat der om harren hinne bart. In protte moais wurdt omwille fan it jild fernield, mar wat ienris fuort is komt net wer! En nei ús komt ek noch in generaasje. Ik soe it spitich fine as ús lytsbern skylk net witte kinne wat bygelyks yn hazze of in ljip is.




No dat is in moai ein Frâns, bedankt dat ik dy ynterviewe mocht en ik soe sizze, ik hoop dast oer in pear jier genietsje meist fan dyn frije tiid rûnom dyn hús en bij Sytze op de buorkerij.

Wiepkje Holtrop

REEDRIDE

It sjocht der lykwols net nei út dat it noch winter wurdt, mar mocht de blauwe flage wapperje by Wiepkje, dan is de iisbaan yn Wikel iepen!

SISWIZE FAN DE MOANNE



DE STIPERS

Mei tank oan de folgjende minsken/bedriuwen kin Doarpsnijs elke moanne útbrocht wurde:

Paul Baas	De Klussenbaas
Harmen en Lieske Bangma	Camping De Groninger
Albert en Jeannet Bekedam	Melkveehouderij/luxe appartementen
Bauke Beukens	Garant Zaden
Willem Beukens	Onderhoud & timmerbedrijf
Doede Bosma	Klussenbedrijf
Harm van Bommel	Straetus Incasso
Jan Buma	Buma Handel
Johan A. Dijkstra	Dierenarts
Jelle Eppinga	Boomkwekerij
Henk en Lian de Graaf	Koeienmuseum/melkveehouderij
Arjan Hendriks	SDS Balk Startmotoren en dynamo's
Halbe Hielkema	Bouw- en onderhoudsbedrijf
Ede Groenhof	Transportbedrijf/verhuizingen
Saskia Koopmans	www.buitenmens.nl
Siska Kroondijk	Kroontje Grafisch Ontwerp & Vormgeving
Cees en Johannes v.d. Meer	Van der Meer Mechanisatie
Henny Muis	Stucadoorbedrijf
Hendrik Postma	Motorenrevisie/reparatie
Marijke Postma	It Kniphúske
Douwe en Froukje Prins	Bakkerij Prins, Harich
Fam. K. Rienstra	Beheerders dorps huis
Runia Fourage BV	(Klein)diervoeders, aardappelen enz.
Runia Transport BV	Transportbedrijf
Jan-Dirk van der Tol	Feedcentre B.V.
VandeLinde Associates	Journalistieke Producties
Earnst P. Veenstra	Hovenier
Annoesjka de Vries	Pedicure
De Vries	Slagerij, Oudemirdum

De famylje Kramer soarget derfoar dat it krantsje elke lêste tongersdei fan 'e moanne by de minsken thús komt.

AGINDA

26 jannewaris Breidclub by M.J. Keulen

1 febrewaris Ledegearkomste Doarpsbelang

14 febrewaris Ledegearkomste Begraffenisferiening

29 febrewaris Ledegearkomste Lokaalferiening

10 maart Grand Café

Elke tongersdei fan 11.00 oant 12.15 oere is de Lytse Byb iepen op de Stapstien.

Elke 3e sneon fan 'e moanne wurdt it âld papier ophelle.

IT FOLGJENDE KRANTSJE ferskynt op tongersdei 23 febrewaris 2012

KOPIJ YNLEVERJE foar 16 febrewaris 2012

by ien fan de redaksjeleden

in e-mail stjoere kin ek:

knilles.jantsje@gmail.com

jan-wiepkje@hetnet.nl